

Jaargang 2

no. 1

1985

Van de redactie,

Wij zijn dit nieuwe jaar weer met frisse moed begonnen aan onze stadsomroeper. Het streven is om zoveel mogelijk onderwerpen te verwerken die voor ons allen als Slotenaren belangrijk zijn.

Wij wijzen u er nogmaals op dat wij uw bijdrage in de vorm van geschreven stukjes zeer op prijs stellen.

De copie voor de volgende stadsomroeper moet 24 mei binnen zijn. Ons uitgangspunt is: een krant voor ons, van ons.

Dus jas uit voor de toekomst en met volle kracht doorgaan met navelstaren.

Wij blijven één stad, want zelfs een gecasteerde stad kan belangrijk zijn, dat hebben we met de elfstedentocht kunnen zien.

Oudejaarsnacht in de Poarte.

Op initiatief van de jeugdsoos is er gedurende de oudejaarsviering de gehele nacht gelegenheid geweest om samen een glaasje te nemen op het nieuwe jaar. Het was bijzonder gezellig en beslist voor herhaling vatbaar. Initiatiefnemers bedankt voor uw inzet.

-/-/-

Wie zalig wenst te sterven,

laat zijn goeden naaste erven.

Getrouw aan dit oude volksgeloof is geweest; Jentje Tjalma, overleden op 27 juli 1904 te Sloten, zonder een testament na te laten. Hoewel hij in vrij bekrompen omstandigheden had geleefd, werden er na zijn dood in een oude kist enige goede effecten en een paar oude tabaksdozen gevonden met bijna f. 2.000,-- aan bankpapier (in die tijd een mooi bedrag).

Vroeger was hij dienstbaar op een boerderij en die kist had toen, zoals gebruikelijk was bij de boer, op de zolder gestaan; doch toen hij op zichzelf ging wonen en dus "huuszittende" werd, kreeg de kist een ere-plaats in zijn nederige woning.

"Dit plak komt dy ta, dou haste my salang tsjinne en altiden efteroan stien, mar nou bliuwste foar oan": sprak hij met welgevallen, wijzende op de kist en zij heeft die ere-plaats behouden zolang hij leefde.

De inhoud is nu gedeeld door meer dan honderd erven, wijd en zijd verspreid in en buiten ons land, tot zelfs in Amerika.

Voor geen hunner is de erfenis van betekenis geweest. Er zijn er die niet meer dan een paar rijksdaalders en allicht nog minder hebben ontvangen, doch merkwaardig is de lijst waarop al de namen der erven voorkomen met hun respectievelijk woonplaatsen en kwaliteiten, allen kunnen er zich over verbazen, dat zoveel personen van de meest uiteenlopende betrekkingen, allen uit dezelfde stam sproten, en her en der gestorven in de wereld, nog een verenigingspunt moesten vinden in het sterfhuis van oude Jentje om, zoals hij in de wandeling genoemd werd, dankzij de oude kist met de oude spreuk erop, hierboven vermeld.

De erfzoon was een zoon van Libbe Hylkes Tjalma overleden 1827 te Oosterzee, gehuwd geweest met Grietje Samplonius en nadiens overlijden met Afke Tysses Dijkstra.

Uit het 1^o huwelijk werden 4 kinderen geboren en uit het 2^o huwelijk werden het er 5. Dezen zijn allen getrouwd, alleen Jentje is ongehuwd gebleven.

In totaal waren er ten tijde van het verdelen der erfenis zoals genoemd, meer dan 100 "rechthebbenden". Ene mej. Visser uit Den Haag is de grootse erfgename geweest met 1/16 deel en de kleinste vindt men in Hartwerd met 1/1536 deel.

Ook behoorde tot de erfgenamen een broer van de in Amerika rijk geworden Cooper (stichter van Coopersbrug in Akkrum).

Het is een lange lijst van "gegadigden" als je die voor je hebt en na leest. Velen hebben de erflaten nooit gekend of van zijn bestaan gehoord, maar waren toch betrokken (zoals wij lazen) bij zijn einde - zoals het meestal gaat - .

Herdenking 40 Jaar Bevrijding

5 mei a.s.:

Herdenkingsbijeenkomst
zondag 5 mei in de Ned. Herv. Kerk
spr.: Jhr. C. van Eysinga
Aanvang 10.30 uur v.m.

.....

BEGRAFFENIS-FERIENING "DE LAATSTE EER"

Eltse feriening hat it doel om funksjoneel te wêzen yn'e maatskippij en in begraffenis-feriening hat dan ek in dúdlike funksje. Foarhinne bestie der noch in protte buorreplicht (geane we troch alle besunigings dy tiid wer temjitte?), mar de doe besteande noarmen binne dochs wol troch de tiid efterhelle. Soasiale foarsjennings hawwe ús tiid in our oansjen jûn. Earst it ien en oar oer de Sleattamer feriening en wat skiednis.

"De Laatste Eer" is oprjochte op 25 juny 1929. Der wiene doe 143 leden. It bestjoer bestie út: M. Wynia, foarsitter, Tj. de Jong, skriuwer, H. Rissalada, ponghâlder, F. van Leeuwen en J.v.Dam, bysitters.

It tal dragers bestie doe út 16 man. De omslach (stipe) wie doedestiids net sa heech en winterdeis wie it sels noch in kwartsje leger as it earste heal jier. (mynken dy't hielendal oan reapsein wiene, waarden frijsteld fan'e omslach) De ledegearkomsten, dy't foarhinne gâns better besocht waarden as hjoed-de-dei (dan wie men der ek ris in jûn út, der wie oars ek net safolle), waarden houden yn'e "bewaarskoalle" foar in hierpriis fan f. 1,--. Foarhinne wiene der yn Sleat twa begraffenis-ferienings, te witten: "De Laatste Eer" en de Roomske Katholike feriening: yn'e praktyk die wol bliken, dat twa ferienings yn sa'n lyts stedsje gjin besteansrjocht hiene. Dit wie fan gefolgen, dat de R.K. feriening yn ein 1982 opgien is yn "De Laatste Eer".

Dit meiinoar opgean hie ek de nedige finansjele konsekwinsjes, mar hjiryn is men ta in útdragene saak kommen, dêr't elk it mei iens wêze kin.

Troch dizze gearfoeging telt de feriening op't heden+ 160 húshâldings en sa'n 130 allinnich wenjenden.

Waard in ledegearkomste foarhinne noch goed besocht, tsjintwurdich is dit striemin te neamen, wat fan gefolgen wie, dat guon bestjoersleden wol sa'n 35 jier meidraaid hawwe.

By einsluten noch wat oer de brûkmen by ferstjerren

Beliede: yn earder tiden waarden ferstoarnen op harren stjerdei (of de dei dêrnei) belét - ek no bart dit noch wol, as de famylje dêr om freget. Jin koene dan krekt hearre oft it in man, frou of bern wie, dy't ferstoarn wie: foar in man waard in oere let, de klokken letten foar in frou trije kertier en foar in bern ien oan't twa kertier (tsjintwurdich wurdt it , op fersyk, foar alle trije dien fan 11.45-12.00 oere y.f.m. it automa-tyske oerwurk fan ús tsjerkeklok).

Foarhinne waard de ferstoarne mei hynder en wein te hôf brocht, letter waard in ridende baar brûkt en op't heden wurdt der foar't grutste part gebrûk makke fan in lyk-wein. Yn earder tiden stiene de ferstoarnen oan'e begraffenis ta thús of yn'e konsistoarje fan'e Herfoarme Tsjerke, mar hjoed-de-dei wurdt hieltyd mear in aula of mortuarium brûkt. (somsiden noch wol thús mei in koelelemint op'e kiste). It stean litten fan'e kiste op it grêf oan't de famylje fuortgiet of it sakje litten (mei in liere), dêr't hja noch by binne, is in beslút fan de famylje sels. Ek oare regelingen y.f.m. de begraffenis wurde fantefoaren mei de boade trochpraat. Hy regelt (as de famylje dat wól teminsten) ûnder oaren: de rouwbrieven, it ôflizzen (hjiroar binne der no ek twa froulju bykommen), it bestellen fan kiste, blommen en grêf en it dollen derfan, de oanjefte by de Boargerlike Stân en bewizen fan ferstjerren foar fersekeringen en sa, kondolaasjeboek, ev. gebrûk fan tsjerke, lykwein, it lieden fan de klokken, ev. ferfier nei aula, de begraffenis en it kofje-drieken dêrnei yn de Poarte. Waard der foarhinne in hiel rou-miel hâlden, wat fakentiids ûntgarde yn "uitvaart-zuipvaart", tsjintwurdich moatte de minsken somsiden in hiel ein reizgje om by in begraffenis te wêzen (en dit is ek better mooglik; elkenien is mei mear auto's en treinen wat mobiler wurden) en dan is in bakje kofje dochs wol in moaie gelegenheid om noch in pear wurden mei de neibe-steanden te wikseljen. (al wol it op't heden wol gauris fan dy foech famylje-réunies wurde). Ut it foarôfgeande docht wol bliken dat der in protte feroare is, mar it útgongspunt fan de fer-

iening - nl. de ferstoarne de "laatste eer" bewize in paslike en korrekte help biede by it ferstjerren, is nog altyd itselde bleaun. Neist begraffenissen fersoarget de feriening ek wol kremaasjes (as in lid ús witte lit, dat er leaver kremeard wurde wol). Ek binne we bliid dat der noch altyd minsken te finen binne, dy't drage wolle. De fergoedings en stipes binne de lêste jierren oanpast.

By einsluten wize wy de nij-yнкомmenen, dy't noch gjin lid binne op de mooglikheid om tillefoanysk kontakt op te nimmen mei de boades J. Klijnsma, till. 280 of I. v/d Tempel, till. 528.

N.B. Mocht der noch immen wêze, dy't in swarte hege hoed maat 57-59 hat en dizze wol oan ús feriening kwyt wol, belje dan efkes nei boppe-neamde minsken.

Cultuurprijs.

Onze stadsgenoot dhr. Tj. de Jong heeft voor zijn vele sociaal en culturele activiteiten, met name de beschrijving van de historie van Sloten, de cultuurprijs van de gemeente Gaasterland gekregen. Namens ons allen gefeliciteerd voor deze erkenning van uw werk.

Eerste Kievitsei

Het eerste kievitsei van Sloten is gevonden door Sikke Koopmans, woensdag 27 maart 1985. Helaas net te laat om als eerste van de gemeente genoemd te worden.

Muzykferiening Stêd Sleat

Twee alom befaamde muziekcorpsen in Sloten! Zo was de toestand vóór de oorlog en tot in de vijftiger jaren. De Bazuin en Crescendo, die elkaar op concoursen de loef probeerden af te steken en veel eerste prijzen hebben gewonnen, tot in de hoogste afdeling. Wegens gebrek aan voldoende leden en te weinig animo bij de jeugd verdwijnen beiden. Hun vaandels worden opgeborgen in het stadhuis.

Herfst 1980.

Sloten- 700 staat voor de deur. Men wil in Sloten weer een muziekkorps!

De koppen worden bij elkaar gestoken, er wordt vergaderd en op 16 januari 1981 wordt opgericht de "Muzykferiening Stêd Sleat".

Het corps telt momenteel 23 actieve muzikanten. Onder leiding van dirigent W. Aukema wordt elke woensdagavond geoefend in de Poarte. Er is een gezellige, kameraadschappelijke sfeer.

Eén muziekfamilie!

De gemiddelde leeftijd van de muzikanten is aan de hoge kant, maar dat zal binnen enkele maanden veranderen want de jeugd van Sloten komt eraan.

Er zijn thans 8 leerlingen, meisjes en jongens uit Sloten die met een instrument van het corps naar de muziekschool gaan en die reeds zover gevorderd zijn dat zij binnen enkele maanden in het corps kunnen meespelen. Toch blijft het nodig dat er elk jaar een nieuw groepje leerlingen bij komt. Dat kán, want onder de jeugd van Sloten schuilt genoeg muzikaal talent. Voor een muziekkorps is uiteraard geld nodig. De prijs van een klein instrument (trompet, cornet, bugel) bedraagt zo'n f. 1.800,--. Mede dankzij onze inzameling van oud papier en de bijdragen van onze donateurs is het financieel verantwoord om in Sloten een eigen muziekkorps te hebben. Het corps wacht op jeugd van Sloten om het verder uit te bouwen tot een prachtige fanfare.

WER MOATTE US BEUKERS NO HINNE?

Lang om let is it dan safier: der is lang op ompraat, mar yn augustus '85 ha we dan yn Sleat twa basisskoallen (beuker- en legere skoalle byelkoar): in iepenbiere en in kristlike, ornearre foar bern fan 4-12 jier. De iepenbiere 2 manskoalle kriget syn beukers daliks by yn it gebou dat dêrta geskikt makke wurde sil (dit wurdt fan't ryk oplein) en de kristlike (ynearsten) 4 manskoalle kriget in dependance: de âlde beukerskoalle, dy't troch it bestjoer fan'e kristlike skoalle oernommen wurdt en wêr't de beukers ynearsten (oan 1988 ta) yn sitten bliuwe. Yn 1988 giet der in personielslid fuort en komme de beukers ek by de nije kristlike skoalle yn. No't de neutraal besûndere beukerskoalle sels net útwreide is ta basisskoalle, waard op 25 febr. '85 yn café De Zeven Wouden it útstel fan't bestjoer om de neutr. beukerskoalleferiening "De Speelkamer" op 1 aug. '85 op te heffen, troch de leden oannommen. De feriening, dy't op 23 sept. 1901 oprjochte is, hat 2 ferskillende gebouwen ûnder syn behear hân, nl. de âlde bewaarskoalle yn'e tsjerkesteech (op't heden de Poarte) en de yn 1960 boude beukerskoalle "De Speelkamer". Troch de tiden hinne is der foar de feriening noch al wat feroare. In lytse yndruk:

- 1923: it bestjoer bestie út: foarsitter Verkouteren fierder J. v. Leeuwen, E. Haagsma, Y. Haarsma, K. Klarenberg en H. v/d Sluis. Hja hiene somtiden mar ien kear yn'e 3 jier gearkomste fan't bestjoer! Notulen binne der dy begjinjierren kwalik byhouden.
- 1924: troch in goed batich saldo waard útsteld om 2 oandielen yn de jildliening út te lotsjen: sa hat de beukerskoalle dus de fuotten ûnder't gat krige. Yn 1933 wiene alle liening ôflost of it wie skonken.
- 1925: útstel om de hier foar ferienings dy't gebrûk makken fan de bewaarskoalle te ferleegjen: foar fer. dy't "een philanthropisch doel beoogen" f. 1,--.

Foar fer. "alleen een genoegen strekkende" f. 2,50.

- 1926: de feriening hat 25 jier bestien en op útstel fan't bestjoer wurdt der in iepenbiere les houden, "waarbij de ouders ook eens zullen worden toegelaten".
- 1929: der wiene learmiddels oernommen fan in skoalle út de Gerdyk dy't, sa't efternei bliken die, besmet wiene mei Readfonk: de boel waard foar ûntsmetting nei't Griene Krús stjoerd! de ré-organisaasje fan de bewaarskoalle waard op't aljemint brocht:
"de school zal in de toekomst meer bestaanszekerheid krijgen, vooral omdat de kans bestaat, dat de regering eenmaal voorbereidend onderwijs zal regelen". Besletten waard doe da de skoalle erkend wurde soe as in ûnderôfdiel fan de Mij. tot Nut van't Algemeen, as't nu troch it regear regele waard, sadat befoege learkrêft oansteld wurde moat, dan wie der mear kâns op subsydzje fan't haadbestjoer fan't Nut, as wannear 't de "bewaarskoalle" alhiel bûten it Nut stiet".
Tagelyk waard doe de leeftyds-grins fêststeld op 3 jier (as mocht it somtiden ek noch wol earder).
- 1933: in fersyk fan de juffer, om lyk as de legere skoallen ek 3 wiken grutte fakânsje foar de beukers te krijen; waard sûnder fierdere reder ôfwiisd!
- 1945: fan'e oarlochsjierrren is net folle bekend: yn 1945 is der "wegens de ongewone tijden" gjin alg. ledegearkomste houden. Wol waard der meidield dat troch it legaat fan v/d Wal de feriening no tenei jierliks f. 200,-- krije soe.
- 1949: yn dit jier waard de Ryksynspeksje foar't beukerûnderwiis ynsteld: foar Sleat wie dat juffer Wartena út Ljouwert, dêr't hja regelmjittich kontakt mei hiene.
- 1956: yn jan'56 waard de wet op it beukerûnderwiis fan krêft.

Us beukerskoalle waard no erkend troch de yn-
speksje, nei it ynstjoeren foar de earste kear
fan in skoallewurkplan, learlingelist, ferklear-
ring fan rjochtspersoanlikheid en fan oansluting
fan de Kommisje fan Berop: no wie't einliks oan
ryks-sybsydzje ta! (foarhinne wat bydragen fan de
gemeente).

1957: útstel om de namme "bewaarschool" te fer-
oarjen yn "kleuterschool" waard ôfwiisd".

1960: de bouw fan de nije beukerskoalle
"De Speelkamer".

Fansels is der ek, wat de wetten foar ûnderwiis
oanbelanget noch al wat feroare mar faaks dêroer
in oare kear. Lit ús hoopje, dat ús beukers be-
nammen wat gedije sille yn'e nije basisskoalle.

HJIR EN HJOED

Berne: 22 des.'84 Gerard en Freddy Hamstra
25 febr. '85 Niels Poortema

Troud: 28 des.'84 Sake Visser en Elske v/d Meer
8 maart '85 Martien Swart en Jantina Haan

Stoarn: 23 des.'84 Tetsje Klijstra-Dragt
24 des.'84 Ybeltje Gijzen-de Jager
27 jan.'85 Klaas Koopmans
23 feb.'85 Aukje Visser-Noordmans

Nije Ynwenners: fam. A.J. Komen, Burg. Mulierstr. 2

Ofreizge ynwenners: T.Pander, Breedstr. 164
mw. J. de Vries, Baanweg 158
mw. A. v/d Gaast-de Jong,
spanjaardsdijk 20

25 jier trouw wiene: op 12 nov.'84 Pier en Frida
Visser
29 jan.'85 Louw en Minke
Roelevink

"De Bevrijding"

April 1945.

De datum van 17 april, zal zeker de harten van alle goede Nederlanders in Sloten en omstreken als een onvergetelijke datum in herinnering blijven.

De gehele dag leefde men ook hier in spanning waren we bevrijd , of waren we het nog niet, aan geruchten geen gebrek; waren de Canadezen nog ver verwijderd en was nu de Zuidwesthoek al gezuiverd van de moffen?

Verschillende oudere Slotenaren hebben nog de laatste Duitse soldaten door Sloten zien fietsen, die de ophaalbrug geprobeerd hadden op te blazen, wat gedeeltelijk gelukte, doch later door een kabel en lieren van een vrachtschip overeind werd gehouden.

Er heerste een opgewonden stemming, van de al met oranje getooide aanwezigen, toen ten slotte om ongeveer vier uur de eerste Canadese tankwagens onder luide toejuichingen vanaf de Wyckelerweg Sloten binnenreden. Een ogenblik om nooit te vergeten, we waren vrij, het drukkende juk was afgewenteld.

De tanks en legerwagens stopten bij de Stadsherberg en de fabriek. Verschillende voertuigen voerden met krijt aangebracht e leuzen, zoals; Groeten uit Workum, met daar- onder verschillende namen van Workumers. Verschillende Slotenaren hadden de driekleur uitgestoken en de jeugd liet zich ook niet onbetuigd en vermaakten zich terdege met de Canadese bezetting, die een bloemenhulde kreeg te verwerken, om daarna lawines sigaretten uit te strooien en ook kwistig waren met chocola.

Het verschil van intocht vergeleken van die van 11 mei 1940, toen de eerste Duitse motorwagens onze stad inrolden, was ontzettend groot. Toen grimmige Duitse gezichten met stormhelmen op en nu lachende Canadezen met licht barets.

Heel Sloten was op de been, men zag ook vele nieuwe gezichten, mensen die jaren ondergedoken geweest waren en nu te voorschijn kwamen. Voor een goede feeststemming was niet veel nodig, o.a. een twintigtal dames, waaronder b.v. ook de echtgenotes van de predikanten, waren getooid in witte blouse en donker rokje, voorzien van pannen en deksels, zo een muziekkorps vormende en zingende; Oranje boven, Oranje boven.

Zo marcheerden ze 's avonds (de spertijd van 8 uur 's avonds was gelukkig opgeheven) hossende van Sloten naar Wyckel op en neer.

Ook een enkele muzikant deed uitvoerig zijn best.

Het zal verschillende Slotenaren nog wel heugen, hoe Pieter van Jan en Afke, 's morgens nog om 3 uur op de leuning van de platte brug, het oranje boven zat te spelen.

Het was in Sloten een spontane viering van de bevrijding.

-.--.-

IJs Wegen Centrale afd. Sleat.

De stichting heeft ten doel, zonder maken van winst, het bevorderen van de recreatie op de schaats en het aanleggen en onderhoud van de ijswegen in de oude gemeente Sloten en naaste omgeving.

De ijsmeester meet de dikte van het ijs en controleert de baan en doet daarvan verslag aan de IJs Wegen Centrale.

Is het ijs voldoende dik en dus sterk, dan wordt contact opgenomen met de buur- Ijs Wegen Centrales in Balk en Woudsend. Is het daar ook voldoende, dan gaan de banen er voor zover mogelijk tegelijk door. De banen herken je door staande takken in het ijs, of door sneeuw ruimen.

De wakken worden afgezet door liggende takken.

De afgelopen winter hebben we meegewerkt aan 3 tochten te weten; de Slotermeertocht, de 11 merentocht en juist ja: de ELFSTEDENTOCHT.

De Slotermeertocht in de winterperiode van jan. kenmerkte zich door heel slecht sneeuwijs, er deden zich daardoor nog al wat ongelukjes voor. Maar de gewonden-afvoer en de EHBO hadden het prima in orde. Gelukkig werd het achteraf dooi weer. De tweede winter in febr. was het ijs heel goed, maar er waren vele kistwerken. 18 febr. werd de 11 merentocht verreden. De voorbereiding was kort, maar alles was goed geregeld.

Eindelijk werd het 21 februari. Koning Tialf was al op de vlucht, maar de elfstedentocht ging door:

"de 13e elfstedentocht, als dat maar goed gaat", was een leus. De inzet van de vele vrijwilligers was groots. Er was veel werk aan de winkel. Zo moest er ongeveer 120 vierkante meter hout op het meer om de om de kistwerken te overbruggen. Er moest nog al heel wat geregeld worden. Hier volgt een klein overzicht: 1. IJ.W.C. insigne-kaartjes. 2. route- en afstempelkaarten. 3. inrichten van een stempelpost

4. voortdurende controle op het ijs 5. gewonden afvoer. EHBO onderkomen. 6. richtingaanwijzers. Zoals de IJ.W.C.-Sloten de zaken prima in de hand had, daarmee werd wel aangetoond dat we meer dan zelfstandig bestaansrecht hebben. In april of mei is er een vergadering. Hoofdpunt; aanschaf voegmachine, waarschijnlijk i.s.m. IJsclub de Eendracht.

Geachte lezer(es), even uw attentie

"FLOEP", blaffen de honden en komen iedere dag voor bemesting in mijn tuin. Dus kan u het wel raden.....

"FLOEP" hopen "POEP".

Doch de oprit en de tuin die ik dagelijks verzorg, soms met pijn, moet tenslotte "netjes" zijn.

Het is niet te geloven doch de zegen komt steeds van boven. Als dierenvriend kan ik mij dit zonderling gedoe wel begrijpen, maar wat te zeggen van:.....???

Woon hier nu ruim vier jaren in het Stadje "Sleat".

Het huis werd geheel door de tegenwoordige eigenaar opgeknapt, evenals de oprit Bolwerk en tuin "opgelapt".

Nu moet u zich eens even voorstellen, wat ik u nu ga vertellen.

Een mooi aangelegd gazon aan het begin van de zomer, vier jaren lang, maar voordat de winter begint net een gazon van oud behang. En dat komt door diverse honden, die zijn niet bang.

Als het mijn eigen hond was, het kan verkeren, zou ik hem of haar wel snel iets leren, dus niet in mijn tuin gepiest of gekakt, de laatste soms wel een kilo gehakt.

Het nare is dat het niet mijn honden zijn die hun behoefte doen op de oprit Bolwerk of het tuingazon maar bovenal na die "Poeperij" en "Plas" (de honden zijn dan in hun sas), steeds ijverig met de poten stevig "krabben" in het gras.

Het gevolg is dat ik iedere keer in het voorjaar moet gaan spitten en dus jaarlijks moet zaaien, echter later met die hopen "Poep" erop moet maaien. Kom ik met de auto heel gelukkig thuis, dan ligt de laan vol stront en geeft de autoband een zeer zacht geruis. In de wekelijkse schoongeboende garage achter mijn woning, zegt Gans de Koning met een zuucht: "wat een stank en wat een lucht".

Het Wetboek schrijft voor dat in de stad de honden moeten worden aangeliend, echter niemand doet iets om mij te plezieren, persoonlijk gun ik u ook niet een nest "vol mieren".

Nijs út it Museum "Stedhûs Sleat"

As de sinne skynt en men rint troch de stêd, dan sjocht men hjir en dêr tekkens bûten, as bewiis dat er himmele wurdt.

Sa giet it ek yn it museum; de boel wurdt himmele, mar boppedien wurdt der it ien en oar forwiksele. Yn'e útstalkast yn'e gong steane al oare mûtsen. Foar de waaiers komme ek oaren yn't plak. De belangrykste foroaring komt lykwols yn'e klokkekeamer.

Fryslân hat altiten 'n soad klokkemakkers hawn. Yn'e 18e en 19e ieu seagen de minsken nei de stjerren, omdat it wijde lân dêrta noege. 'n Foarbyld fan'e belangstelling foar de stjerrehimmel is 'n oerwurk fan 'n neef fan Eise Eisinga: it himelsplein fan Jelte Eisinga, makke yn + 1806. Spiternoch is dat weiwurden, mar Rinse Beards Gelder hat it neimakke en it Frysk Museum jowt it ús to lien, sadat men it sjen kin as op 2 april it museum op'e nij wer iepen giet.

Oan't Sjen,

M. ten Heuvel-Roukema.

Op 13 febrewaris waard der songfestival houden yn "Bartimeüs" yn Zeist: de 1e priis waard wûn troch PETRA DE JONG mei har klaske mei it ferske: "Katrineke, kom kom, je bent te laat en waarom?". De 2e priis waard wûn troch SIPKO REEKERS. Dat wie in boppeslach foar Sleat dus. Allebeide noch tige lokwinske.

-/-/-

1945 feestliet 1985

set de flaggen op'e tuorren,
slaan mei fleur de grutte trom,
rop it sjongend oer de buorren,
"minsken út jim huzen, kom!"
fjirtich jier, fjirtich jier,
bleau de fijân frjemd en fier.

no moat oer de wâlen klinke
feestsang en befrijingsliet,
ek al wurde by 't betinken
ús de eugen wolris wiet
fjirtich jier, fjirtich jier,
bleau de fijân frjemd en fier.

lit ús dûnsje, wat soe't lette,
skotse trije of cha, cha, cha.
by fioelen en trompetten
of in âld harmoanika,
fjirtich jier, fjirtich jier,
bleau de fijân frjemd en fier.

gean yn optocht troch de strjitten
jou jo buorman mar in hân
lit ús alle skeel ferjitte,
frije boargers yn frij lân
fjirtich jier, fjirtich jier,
bleau de fijân frjemd en fier.

heefje no mei nocht de glêzen,
drink elkoarren freugde ta,
want ienriedich moat wij wêze
sil de frede takomst ha
fjirtich jier, fjirtich jier,
bleau de fijân frjemd en fier.

Folkert Verbeek